

Bloei

Buorren 21
8493 LC TERHERNE

Ljouwert, 11 oktober 2022
Ferstjoerd, 14 OKT. 2022

Ús merkteken : 02034732
Ôfd/Opjefte : Leefber Fryslan
Opsteld troch : [redacted] / (058) 292 [redacted] of [redacted]@fryslan.frl
Jo merkteken : -
Taheakke(n) : -

Ûnderwerp : [04TL00] Fêststellingsbeslút Taalplan Frysk foar profyl A

(Nederlânske ferzje ûnderoan)

Achte [redacted]

Mei dit brief stjoere wy jo ús reaksje op it Taalplan Frysk dat jo yntsjinne hawwe yn it ramt fan de *Beleidsregel ontheffing vak Fries* en de Taalplan Frysk-2030 doelstelling. Jo oanfraach is op 2 juny 2022 by ús ynkommen en ynboekt ûnder nûmer 02032644.

Beoardieling

Wy hawwe jo Taalplan Frysk beoardiele en binne fan betinken dat it foldocht oan de boppeamde beliedsregel, opsteld op grûn fan de WPO, kêst 9, lid 4 en de WVO, kêst 11e, lid 1.

Beslút A

Wy kenne jo skoalle op basis fan it by ús yntsjinne Taalplan Frysk mei yngong fan it skoaljier 2022-2023 in profyl A ta. Dat hâldt yn dat jo skoalle alle keardoelen dy't yn de *Besluit Vernieuwde Kerndoelen WPO* formulearre binne foldwaande oanbiedt yn alle klassen, te witten: taalhâlding, ferstean, prate, lêze, skriuwe en taalbeskôging.

Rintiid

Mei yngong fan it skoaljier 2022-2023 wurdt it ferliende Taalplan Frysk-profyl fan krêft foar in perioade fan op syn meast fjouwer jier.

Fan A nei noch better



It docht ús tige goed te fernimmen dat jo skoalle it Frysk al op foldwaande nivo oanbiedt. Wy ferwachtsje dat jo dit nivo fêsthâlde. Fierder stimulearje wy jo skoalle graach om de posysje fan it Frysk fierder te fuortsterkjen. Dêrfoar kin jo skoalle gebrûk meitsje fan it alsidige en wiidweidige oanbod dat de ferskillende Taalplan Frysk-ynstellings yn opdracht fan de provinsje Fryslân beskikber stelle. De skoalstiper kin jo helpe om hjirút in by jo skoalle passende kar te meitsjen. Ek kinne jo fan 2021 ôf in subsydzje-oanfraach dwaan út de regeling *Frysk foar no en letter*. Sjoch foar mear ynformaasje op www.taalplan.frl.

Regeljouwing en beliedsstikken

De *Beleidsregel voor het verkrijgen van ontheffing voor het vak Fries in het primair en voortgezet onderwijs* (Provinsjaal Blêd, nr. 3671, 26 juny 2015) is op dit beslút fan tapassing. De Taalplan Frysk-2030 doelstelling is formulearre en útwurke yn ûndersteande beliedsstikken:

- *Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2019-2023*
- *Bestjoersakkoart Lok op 1 2019-2023*
- *Beliedsnota Nij Poadium kultuer, taal en erfgoed 2021-2024*

Hawwe jo noch fragen?

As jo noch fragen oer dit brief hawwe dan kinne jo kontakt opnimme mei 
 troch in e-mail te stjoeren nei taalplanfrysk@fryslan.frl.

Wy winskje jo in soad sukses en wille by it oanbieden fan it Frysk. Frysk is foar no en letter!

Nederlandse vertaling

Geachte 

Met deze brief sturen wij u onze reactie toe op het Taalplan Frysk dat u heeft ingediend in het kader van de *Beleidsregel ontheffing vak Fries* en de Taalplan Frysk-2030 doelstelling. Uw aanvraag is op 2 juni 2022 bij ons binnengekomen en onder het nummer 02032644 ingeboekt.

Beoordeling

Wij hebben uw Taalplan Frysk beoordeeld en zijn van mening dat het voldoet aan de bovengenoemde beleidsregel, opgesteld op basis van de WPO, artikel 9, lid 4 en de WVO, artikel 11e, lid 1.

Besluit A

Wij kennen uw school op basis van het bij ons ingediende Taalplan Frysk met ingang van het schooljaar 2022-2023 een profiel A toe. Dat houdt in dat uw school alle kerndoelen die in het Besluit Vernieuwde Kerndoelen WPO geformuleerd zijn voldoende aanbiedt in alle klassen, te weten: attitude, luisteren, spreken, lezen, schrijven en taalbeschouwing.

Looptijd

Met ingang van het schooljaar 2022-2023 wordt het verleende Taalplan Frysk-profiel van kracht voor een periode van maximaal vier jaar.

Van A naar nog beter

We zijn erg blij te vernemen dat uw school het Fries al op voldoende niveau aanbiedt. Wij verwachten dat u dit niveau behoudt. Verder stimuleren wij uw school graag om de positie van het Fries verder te versterken. Daarvoor kan uw school gebruik maken van het veelzijdige en uitgebreide aanbod dat de verschillende Taalplan Frysk-instellingen in opdracht van de provincie Fryslân beschikbaar stellen. De skoalstiper kan u helpen om hieruit een bij uw school passende keuze te maken. Ook kunt u vanaf 2021 een subsidieaanvraag doen uit de regeling *Frysk foar no en letter*. Kijk voor meer informatie op www.taalplan.frl.



Regelgeving en beleidsstukken

De Beleidsregel voor het verkrijgen van ontheffing voor het vak Fries in het primair en voortgezet onderwijs (Provinciaal Blad, nr. 3671, 26 juni 2015) is op dit besluit van toepassing.

De Taalplan Frysk-2030 doelstelling is geformuleerd en uitgewerkt in onderstaande beleidsstukken:


- Bestuursafpraak Friese Taal en Cultuur 2019-2023
- Bestuursakkoord Lok op 1 2019-2023
- Beleidsnota Nij Poadium cultuur, taal en erfgoed 2021-2024

Heeft u nog vragen?

Indien u nog vragen heeft over deze brief dan kunt u contact opnemen met 
 door een e-mail te sturen naar taalplanfrysk@fryslan.frl.

Wij wensen u veel succes en plezier met het aanbieden van het Fries. Frysk is foar no en letter!

Gedeputeerde Staten van Fryslân,


drs. A.A.M. Brok, voorzitter
~~voor deze, de loco-voorzitter~~


A. Schepers, MSc, secretaris

Taheakke: Kearndoelen en Taalplan Frysk-profilen primêr ûnderwiis

De keardoelen foar it Frysk

Mûnling taalûnderwiis

17. De learlingen ûntwikkelje in positive attitude oangeande it brûken fan it Frysk troch harrensels en oaren. [attitude]
18. De learlingen leare ynformaasje te heljen út sprutsen Frysk. It giet om teksten dy't ynformaasje jouwe, wille besorgje, mienings of oanwizings befetsje oer foar harren bekende ûnderwerpen. [harkje]
19. De learlingen leare harren nei ynhâld en foarm yn it Frysk út te drukken yn situaasjes út harren deistige libben, dêr't se ynformaasje yn freegje of jouwe oer in ûnderwerp dêr't sy fertroud mei binne. [prate]

Skriftlik taalûnderwiis

20. De learlingen leare ynformaasje te heljen út teksten yn it Frysk yn in soad foarkommende tekststypen (lykas artikels yn jongereinrubriken, ferskes, ferhalen). [lêze]
21. De learlingen leare ienfâldige teksten yn it Frysk te skriuwen oer alledeiske ûnderwerpen mei it doel mei oaren oer dy ûnderwerpen te kommunisearjen. [skriuwe]

Taalskôging, dêrûnder strategyen

22. De learlingen krije in wurdskat fan in soad brûkte Fryske wurden en strategyen foar it begripen fan foar harren ûnbekende wurden. [taalskôging]

De Taalplan Frysk-profilen

Profyl A:

- foldwaande oanbod fan keardoelen 17 [attitude], 18 [harkje], 19 [prate], 20 [lêze], 21 [skriuwe], 22 [taalskôging]

Profyl B:

- foldwaande oanbod fan keardoelen 17 [attitude], 18 [harkje], 19 [prate], 20 [lêze], 22 [taalskôging]
- gjin of ûnfoldwaande oanbod fan keardoel 21 [skriuwe]

Profyl C

- foldwaande oanbod fan keardoelen 17 [attitude], 18 [harkje], 19 [prate], 22 [taalskôging]
- gjin of ûnfoldwaande oanbod fan keardoelen 20 [lêze], 21 [skriuwe]

Profyl D

- foldwaande oanbod fan keardoelen 17 [attitude], 18 [harkje], 20 [lêze]
- gjin of ûnfoldwaande oanbod fan keardoelen 19 [prate], 21 [skriuwe], 22 [taalskôging]

Profyl E

- foldwaande oanbod fan keardoelen 17 [attitude], 18 [harkje]
- gjin of ûnfoldwaande oanbod fan keardoelen 19 [prate], 20 [lêze], 21 [skriuwe], 22 [taalskôging]

Profyl F

- foldwaande oanbod fan keardoelen 17 [attitude]
- gjin of ûnfoldwaande oanbod fan keardoelen 18 [harkje], 19 [prate], 20 [lêze], 21 [skriuwe], 22 [taalskôging]

Profyl G

- gjin of ûnfoldwaande oanbod fan keardoelen 17 [attitude], 18 [harkje], 19 [prate], 20 [lêze], 21 [skriuwe], 22 [taalskôging]
- Dit profyl kin allinne oan skoallen bûten it Fryske taalgebiet takend wurde (yn de gemeente Weststellingwerf of op de Waadeilannen).

Bijlage: Kerndoelen en Taalplan Frysk-profielen primair onderwijs

De kerndoelen voor het Fries

Mondeling taalonderwijs

17. De leerlingen ontwikkelen een positieve attitude ten opzichte van het gebruik van Fries door henzelf en anderen. [attitude]

18. De leerlingen leren informatie te verwerven uit gesproken Fries. Het gaat om teksten die informatie geven, plezier verschaffen, meningen of aanwijzingen bevatten over voor hen bekende onderwerpen. [luisteren]

19. De leerlingen leren zich naar inhoud en vorm in het Fries uit te drukken in situaties uit hun dagelijks leven waarin zij informatie vragen of geven over een onderwerp waarmee zij vertrouwd zijn. [spreken]

Schriftelijk taalonderwijs

20. De leerlingen leren informatie te verwerven uit teksten in het Fries in frequent voorkomende teksttypen (zoals artikelen in jeugdrubieken, liedjes, verhalen). [lezen]

21. De leerlingen leren eenvoudige teksten in het Fries te schrijven over alledaagse onderwerpen met het doel met anderen over die onderwerpen te communiceren. [schrijven]

Taalbeschouwing, waaronder strategieën

22. De leerlingen verwerven een woordenschat van frequent gebruikte Friese woorden en strategieën voor het begrijpen van voor hen onbekende woorden. [taalbeschouwing]

De Taalplan Frysk-profielen

Profiel A:

- voldoende aanbod van kerndoelen 17 [attitude], 18 [luisteren], 19 [spreken], 20 [lezen], 21 [schrijven], 22 [taalbeschouwing]

Profiel B:

- voldoende aanbod van kerndoelen 17 [attitude], 18 [luisteren], 19 [spreken], 20 [lezen], 22 [taalbeschouwing]
- geen of onvoldoende aanbod van kerndoel 21 [schrijven]

Profiel C

- voldoende aanbod van kerndoelen 17 [attitude], 18 [luisteren], 19 [spreken], 22 [taalbeschouwing]
- geen of onvoldoende aanbod van kerndoelen 20 [lezen], 21 [schrijven]

Profiel D

- voldoende aanbod van kerndoelen 17 [attitude], 18 [luisteren], 20 [lezen]
- geen of onvoldoende aanbod van kerndoelen 19 [spreken], 21 [schrijven], 22 [taalbeschouwing]

Profiel E

- voldoende aanbod van kerndoelen 17 [attitude], 18 [luisteren]
- geen of onvoldoende aanbod van kerndoelen 19 [spreken], 20 [lezen], 21 [schrijven], 22 [taalbeschouwing]

Profiel F

- voldoende aanbod van kerndoel 17 [attitude]
- geen of onvoldoende aanbod van kerndoel 18 [luisteren], 19 [spreken], 20 [lezen], 21 [schrijven], 22 [taalbeschouwing]

Profiel G

- geen of onvoldoende aanbod van kerndoelen 17 [attitude], 18 [luisteren], 19 [spreken], 20 [lezen], 21 [schrijven], 22 [taalbeschouwing]
- Dit profiel is alleen toekenbaar aan scholen buiten het Friese taalgebied (in de gemeente Weststellingwerf of op de Waddeneilanden).

Taheakke: Kearndoelen en Taalplan Frysk-profilen fuortset ûnderwiis

De kearndoelen foar it Frysk

Dielnimmer yn in twatalige kultuer

1. De learling leart de betsjutting fan de twatalige Fryske kultuer foar it deistich libben te ûnderkennen en leart dy te ferlykjen mei situaasjes yn it oare part fan Nederlân en dêrbûten.
2. De learling leart oan 'e hân fan foarbylden de spesifike skaaimerken fan de Fryske kultuer te begripen en dy yn ferbân te bringen mei de histoaryske eftergrûnen dêrfan.
3. De learling leart oan 'e hân fan foarbylden it belang fan Fryske kultueruterings te ûnderkennen (teksten, muzyk, toaniel, film, TV en radio) en de betsjutting dy't hy/sy dêroan hechtet ûnder wurden te bringen.

Foar learlingen mei Frysk as twadde taal

- 4a. De learling leart om fia foar him/har sinfolle konteksten in Fryske wurdskat op te bouwen troch ûnderskate strategyen ta te passen.
- 5a. De learling leart ynformaasje út skriftlike en digitale Frysktalige boarnen op te sykjen en te oarderjen op basis fan fragen oer ûnderwerpen yn syn/har eigen belangstellingsfear.
- 6a. De learling leart in ynformeel petear yn it Frysk te fieren mei jongerein fan deselde âldens oer ûnderwerpen út syn/har deistich libben.

Foar learlingen mei Frysk as memmetaal

- 4b. De learling leart him/har mûnling en skriftlik begryplik út te drukken en him/har te hâlden oan taalkonvinsjes dy't foar it Frysk jilde (stavering, grammatikaal krekte sinnen, wurdgebrûk).
- 5b. De learling leart it belang fan it kommunisearjen neffens gongbere taalregels fan it Frysk yn formele situaasjes (wurkoerlis, planning, diskusje) te ûntdekken.
- 6b. De learling leart Fryske ferhalen, gedichten en ynformative teksten te kiezen en te lêzen, dy't temjitte komme oan syn/har belangstelling en syn/har belibbingswrâld útwreidzje.

De Taalplan Frysk-profilen

Profyl A:

- foldwaande oanbod fan kearndoelen 1, 2, 3, 4a, 5a, 6a, 4b, 5b, 6b.

Profyl B:

- foldwaande oanbod fan kearndoelen 1, 2, 3, 4a, 5a, 6a.
- gjin of ûnfoldwaande oanbod fan kearndoelen 4b, 5b, 6b.

Profyl C1

- foldwaande oanbod fan kearndoelen 1, 2, 3, 6a
- gjin of ûnfoldwaande oanbod fan kearndoelen 4a, 5a, 4b, 5b, 6b.

Profyl C2

- foldwaande oanbod fan kearndoelen 1, 2, 3
- gjin of ûnfoldwaande oanbod fan kearndoelen 4a, 5a, 6a, 4b, 5b, 6b.

Profyl D

- gjin of ûnfoldwaande oanbod fan kearndoelen 1, 2, 3, 4a, 5a, 6a, 4b, 5b, 6b.
- Dit profyl kin allinne oan skoallen bûten it Fryske taalgebiet takend wurde (yn de gemeente Weststellingwerf of op de Waadeilannen).

Bijlage: Kerndoelen en Taalplan Frysk-profielen voortgezet onderwijs

De kerndoelen voor het Fries

Deelnemer in een tweetalige cultuur

1. De leerling leert de betekenis onderkennen van de tweetalige Friese cultuur voor het dagelijks leven en leert deze te vergelijken met situaties in de rest van Nederland en daarbuiten.
2. De leerling leert aan de hand van voorbeelden de specifieke kenmerken van de Friese cultuur begrijpen en deze in verband te brengen met de historische achtergronden daarvan.
3. De leerling leert aan de hand van voorbeelden het belang van Friese cultuuruitingen onderkennen (teksten, muziek, toneel, film, TV en radio) en de betekenis die hij daaraan hecht onder woorden te brengen.

Voor leerlingen met Fries als tweede taal

- 4a. De leerling leert om via voor hem zinvolle contexten een Friese woordenschat op te bouwen door verschillende strategieën toe te passen.
- 5a. De leerling leert informatie op te zoeken en te ordenen uit schriftelijke en digitale Friestalige bronnen op basis van vragen over onderwerpen binnen zijn eigen belangstellingssfeer.
- 6a. De leerling leert een informeel gesprek in het Fries te voeren met leeftijdgenoten over onderwerpen uit zijn dagelijks leven.

Voor leerlingen met Fries als moedertaal

- 4b. De leerling leert zich mondeling en schriftelijk begrijpelijk uit te drukken en zich te houden aan taalconventies die voor het Fries gelden (spelling, grammaticaal juiste zinnen, woordgebruik).
- 5b. De leerling leert het belang van het communiceren volgens gangbare taalregels van het Fries in formele situaties ontdekken (werkoverleg, planning, discussie).
- 6b. De leerling leert Friese verhalen, gedichten en informatieve teksten te kiezen en te lezen die tegemoet komen aan zijn belangstelling en zijn belevingswereld uitbreiden.

De Taalplan Frysk-profielen

Profiel A:

- voldoende aanbod van kerndoelen 1, 2, 3, 4a, 5a, 6a, 4b, 5b, 6b.

Profiel B:

- voldoende aanbod van kerndoelen 1, 2, 3, 4a, 5a, 6a.
- geen of onvoldoende aanbod van kerndoelen 4b, 5b, 6b.

Profiel C1

- voldoende aanbod van kerndoelen 1, 2, 3, 6a
- geen of onvoldoende aanbod van kerndoelen 4a, 5a, 4b, 5b, 6b.

Profiel C2

- voldoende aanbod van kerndoelen 1, 2, 3
- geen of onvoldoende aanbod van kerndoelen 4a, 5a, 6a, 4b, 5b, 6b.

Profiel D

- geen of onvoldoende aanbod van kerndoelen 1, 2, 3, 4a, 5a, 6a, 4b, 5b, 6b.
- Dit profiel is alleen toekenbaar aan scholen buiten het Friese taalgebied (in de gemeente Weststellingwerf of op de Waddeneilanden)

Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

J Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen